



La vie en rose 2

TYPE AKTIVITEIT

Petear, oantinkens ophelje

TEMA

Leafde en muzyk

OANTAL DIELNIMMERS

1-5, 5-10, 10 of mear

DOER

Kies út 60 of 60+

PERIOADE

Kies út 1940-1949, 1950-1959, 1960-1969, 1970-1979, 1980-1989 of 1990-1999

SLÛT OAN BY

Alde Leafde, it ferhaal oer Bouwe en Syp van der Meulen, it ferhaal oer Tjamme en Janke Valk of it ferhaal oer Aise en Afke Kramer

Sjoch foar oanfoljend materiaal op de webside datwiedoesa.nl

Leafde en muzyk

Aise en Afke Kramer leare elkoar kennen by it dûnsjen yn Hotel Vreewijk yn Drachten. Yn in brief fan twa jier letter skriuwt Aise dat der fan dûnsjen net folle telâne kaam doe't er wer ris yn in dûnstinte wie. Hy hie syn freonen al in hiel skoft net sjoen en stie al net sa fêst mear op 'e fuotten, doe't er by de dûnsfliet oankaam.

Hoe wie dat mei de dielnimmers yn jo groep? Hâlden se fan dûnsjen? Koene se goed dûnsje? Oan hokker dûnstinten of nûmers hawwe se goede oantinkens? Doel fan dizze aktiviteit is om dêroer te praten.

Troch mei elkoar oer muzyk te praten kinne âldere minsken ek op it spoar komme fan muzyk fan hjoed-de-dei dy't se aardich fine. It kin plezjerich wêze foar âldere minsken om op dy manier 'by de tiid' te reitsjen.

Stannoekkerwold. 19.5.55
Liefste,

Afke, hier is weer een briefje van mij. Ik heb noch geen brief van je ontvangen maar dat kan ook nog stuggen niet.

Wat ik heb ook jammer hi dat ik hier met Hemelvaart dag niet en niet maar zou kan.

Vandaag heb ik brandpiktes wacht, dan hoop je niet veel te doen, maar je moet toch de hele dag in wekspak lopen. En je mag niet buiten de poort. Dus heb motorracen op de Frikkedam verlat ik ook. Maar nog een wekke schaf, dan kom ik weer bij je.

Hoe is het met je oude lue gaan. die Pinkstermaandag, ook te vieren of was hij zo maar een grapje.

Nou ik hoop maar dat het doorgaat dan kom ik el vrey. bij je dan kunnen we de middags mee te fietsen als het teminste een beetje weer is. Maar dat zal

wel want het is hier de hele week al rotweer en regenen je woats er gezogen rich ten.

Hoe is het met je reys, oog liefste. Is het al weer over. Ik hoop het maar. Want as isf geen ik je niet schaf. Want ik heb nog delval vrey je.

Wat er Maandagmorgen ook nog commentaar op dat je no laet, in bed was. Of sliepen se lekker.

Nou ik hoop het maar.

M'n moeder was Maandag jarig maar ik heb meade tot 100 jaar blijven. Ik had de pest goed in z'nare ja, het geefte hoch rûtes. Je mist hier hoch eenmaal in die jottomaal rijn.

Ben je al naar Groningen gewakt voor een spinnenshanstelpatje. Dat weet ik veel hoe no'm ding luet. J'gehat. (Dan sta ik schaf de Pinksteren goed in de schaduw bij no'm modie griet.)

Wat ben ik smide levend hi schafte



Yn Alde Leafde binne brieven byelkoar brocht fan ferskate Friezen dy't yn de perioade 1940-1975 skreaune oan harren leafsten.

Yn jannewaris 1955 freget Aise oft hy Afke oer sa'n 2,3 wike nochris moetsje kin by Hotel Vreewijk yn Drachten, as hy thúskomt fan ferlof.

TARIEDING

Fersier de romte eventueel, sadat de sfear by muzyk of romantyk past of fersier de romte mei de dielnimmers. Soargje eventueel foar passende muzyk as eftergrûnmuzyk foar of nei it petear. It soe hielendal moai wêze as jo elke dielnimmer fan tefoaren in nûmer of muzykstik útkieze litte.

WAT JO NEDICH HAWWE

- Kopy fan it ferhaal fan Aise en Afke
- Kopy fan harren brief
- Kopy fan harren foto

Opdracht

Oantinkens oer leafde en muzyk ophelje oan 'e hân fan fragen.

Aktiviteit

1. Jo (of ien fan de dielnimmers) lêze it ferhaal fan Aise en Afke Kramer foar.
2. Jou de dielnimmers de tiid om de brief fan Aise te lêzen of lit dy ek foarlêze.
3. Ferdiel de dielnimmers yn groepkes fan twa oant fiif persoanen.
4. De groepkes beprate de fragen dy't hjirûnder steane. Bepaal fan tefoaren hoefolle tiid oft de groepkes hawwe en hâld dy tiid ek by.
5. Elk groepke kiest in wurdfierder. Dy docht oan 'e ein mûnling ferslach oan de oare dielnimmers. De wurdfierder fertelt bygelyks hokker groepsleden fanatike dûnsers wiene en fertelt ek watfoar dûnstinten en watfoar muzyknûmers favoryt wiene yn it groepke.

Gisteravond ben ik naar de film
Gewerd. Ik vondt er g een mber
aan. Maar anders riet je je ook.
maar een beetje te bevellen op de
kamen. En han steeds aan jiu
denken. Dat is no hartreut
als ik steeds hering denke aan dondag
avond. Wat was het een fijne
avond hi schat. Ik hoop nu
dat je me nou een rare jonge
vraat. En nog evenwel kan me
hoopde. jufpne.

Vanmorgen heb ik mijn pak
weer wat beetje gepreid en was
kopergepaakt. Want als je de
hele dag op je rust ligt word
je zo wat krank als de pest.
Nou lieveling ik hou
maar weer op van krabbelen
want ik wil werkelijk geen
mijnus meer.

Ik hoop dat je me g een keer
een kort briefje terug schrijft.
lieveling.

En schrijf je me dan ook even

af de vis party doorgaat.
Nou lieveling de hartelijke
g welen en wil bij
en hoopje van je
sollicitie Afke

..... schat.

Schrijf je g een
brief.

Heb mullig je!

Dpi JLD Schat

my wife letter
Aise

Fragen

- Hâlde of hâlden jo fan dûnsjen?
- Koene jo it aardich?
- Wêr gongen jo eartiids hinne te dûnsjen?
- Watfoar dûns fûnen jo it moaist?
- Hokker dûns hiene jo wol leare wollen?
- Fan hokker muzyk hâlde jo?
- Dûnset of dûnne jo partner ek?
- Hâlde of hâlden jo fan muzyk?
- En as dat sa is, fan watfoar muzyk?
- Binne der hjoed-de-dei artysten dy't jo kenne en fan wa't jo de muzyk moai fine?

Aise freget yn in lettere brief út dat jier oan Afke oft se al om in nij mantelpakje nei Grins west hat. Dat kin dan mei Pinkster moai oan.